

De flecht fan Victor

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 295 7

1e printinge 2020

© 2020, Jan Schokker

Eksimplaren binne te bestellen fia de boekhannel of streekrjocht by de útjouwerij:

Útjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân.

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke wurde troch middel fan druk, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwerij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

De flecht fan Victor

Jan Schokker



Mei grutte tank oan myn broer Lomme

*De dei foar de dei dat wy trije deaden oantroffen yn dat bysûndere hûs
yn Aldskoat hie normaalwei in gewoane dei west.*

Ien

It is dreech dizze moandeitemoarn. Al foar de tredde kear narje en martelje ik mysels yn de sportskoalle, mar wêr doch ik it eins foar? Foar in better libbenspatroan? Om mysels sûn te winskjen? Op advys fan myn personal coach, my goedwillich taskikt troch it wurk, bin ik opholden mei smoken en sil ik alle wiken op syn minst ien oere dwaande wêze mei in soarte fan spiertraining. Yn it begjin fûn ik it wol in goed plan. Moarns by de hikke fan it kampke lân gjin Brandaris-yoga mear, mar rek- en strekoefeningen yn de iepen loft. Sa woe myn coach it ha, mar dat ha ik dêr noait dien, inkeld in pear kear achter yn de bykeuken. It roken bin ik klear mei, dat wol, mar de spieren op spanning sette is myn ding net. It matcht net sa mei myn karakter, sil ik mar sizze. Nim no dizze masine foar it marteljen fan de seisenfjirtich spieren yn 't ûnderstel. Dat apparaat is meastal it twadde dêr't ik op krûp oan it begjin fan 'e wike, nei earst tsien minuten opwaarmjen op de rinbank dêr't fuort dêrnei in oarenien sa fanatyk op draaft. Ik wol net mear drave. Hoe lang wie it lyn dat ik hurddraafde, achter de bern of achter in bal oan? De pakesizzer daget my noch wol ris út, mar dat famke rint mei de bal oan de fuotten sa trije kear om my hinne, dat ik har allinne noch mar stroffelfe litte kin. Nee, dit tastel fyn ik fierstente swier gean, miskien moat ik faker yn de wike nei de sportskoalle. Fanatyk wêze, ris sjen oft dat my minder tsjin it sin sit.

‘Giet it? Kin ik helpe?’ freget Syp, it drokke fûle baaske fan de sportskoalle. Syp draaft ivich en altyd yn syn tafersjoch hâlden tusken de sporttastellen troch, tige warber en de hiele dei op 't skik. By de iene makket er in praatsje, by in oar docht er

de oefeningen foar. Hy advisearret en motivearret, hy stekt de tomme op nei elkenien dy't syn bêst docht en benammen nei alle froulju dy't krekt de seal ynkomme. Syp praat en docht alles yn in hiel rap tempo. Ien kear ha ik him ris frege oft er der wer nije batterijen yn hie, mar Syp hie inkeld wat lake en wie fierder huppele.

'Syp, ik fyn it mar dreech hjoed,' sis ik earlik.

'Gjin wûnder. Mar foar in begjinning stiet it ek wol hiel swier op in betide moandeitemoarn,' seit it mantsje en ferset de pinne yn de steapel gewichten fan 90 tebek nei 60 kilo.

Dat makket wis wol út! Ynienen haw ik de fleur der wer yn en sa sit ik samar wer op myn wenstige tritich bewegingen. Mar echt telle doch ik net, want myn oandacht wurdt lutsen troch in jongkeardel dy't omsichtich wat ekstra gewichten oan in stange skoot, wylst de eagen rjochte binne op de manshege spegels flak foar him oer. Sa no en dan lûkt er syn T-shirt strak, mar dat sit al sa freeslik strak. It shirt knapt hast, de man hat in torso dy't fan stiel liket, boppe it shirt stekt in fette spiersterke nekke út mei ien twa trije tattoos. Hat dy anaboal steroïde gewichtheffer werklik muoite mei de gewichten of fielt er him sa thús yn syn rol fan show-off artyst? Ik lit it eefkes yn my omgean en help de olympiër mei it tillen fan syn rotgewichten, mar dan falt it my wer op hoe deldragend myn eigen shirt sit en beslút dat ik better de prioriteiten nei mysels ferlizze kin, sa as it by in fleurige sechstiger past. Mei in swiere sucht sykje ik wer in oare marteling op fan myn op persoanlike mjitte makke fitaliteitsprogramma.

Net langer as in oere ferbliuw ik tusken de spierfersterkers en de sportfûgels. Nei't ik earst thús noch ûnder de brûs trochrûn ha, bin ik mei de privileezjes fan in senior pas tsjin tsienen op it plysjeburo fan It Hearrenfean.

Fan sa'n besite oan it sportsintrum krij ik meastentiids in wat dûbeld gefoel. Oan de iene kant ha 'k der enerzjy fan opstutsen en dêrmei it frisse foarnimmen om no ris einlings in hiele protte saken op te pakken en ôf te hanneljen, mar oan de oare kant is der ek wat ûnferskillichs ynslûpt. Troch alle ynspanningen op de sportskoalle ferskoot myn perspektyf mear nei wat ik wol en minder nei wat ik moat. Want wêr doch ik it úteinlik foar? Dochs net foar de permisje fan myn persoanlike coach? Dochs net foar dy steapel oardners op myn buro? Foar itselde jild kin ik noflik úteinsette mei in bakje kofje.

Ik sit amper op myn plak of de earste apps tingelje, de telefoan giet in kear of trije oer, nijsgjirrige mails freegje myn omtinken en dan meldt baas Heine Hanssen him ek noch yn de doar rjochts, wylst ek Wytske winkend mei de finger omheech by de oare doar tige needsaaklik myn oandacht easket. Ik sil witte dat ik wer op it kantoar bin. De baas wint it earst fan Wytske en it multimediapakket om my hinne.

'Alema, ha jo daliks in pear tellen foar my? It is tige wichtich,' seit Hanssen der noch by. Fansels, alles dêr't Hanssen mei oankomt is belangryk. Dat is it gewicht fan syn skaal, fynt Heine Hanssen. En fan de strepen op syn mouwe. Mar wêr't myn rjochterhân Wytske mei komt is foar my fan safolle mear belang en yn dit gefal nammerste mear.

Blykber ha ik niis wat ferjitten, dêrom har fingerke en dan wit ik it ynienen wer. Wy soenen ommers nei frou Pintano yn Aldskoat en dat moat fuortdaliks. Baas Hanssen kin wachtsje, it deistich wurk hat op myn baskule fan saken mei swiere wichtichheden krekt eefkes wat mear soartlik gewicht as de flintertinne dinkjes oer de plysjeorganisaasje dêr't hy meastentiids mei op it aljemint komt.

Tine Pintano is fuort. Wytske hat der al hiel wat tiid ynstutsen. De achttjinjierrige dochter fan Victor en Hendrica Pintano fan Aldskoat kaam mear as in wike lyn freedtejûns net thús. Se hie sein dat se mei har freondinne Sjaan nei it konsert fan Justin Timberlake yn de Ziggo Dome soe. Sjaan studearre yn Amsterdam, Tine yn Leien en dêrom soene beide inoar moetsje op it Sintraal Stasjon yn Amsterdam, om dêrnei mei noch twa oare fammen nei it konsert te gean. Mar Tine wie nea yn Amsterdam oankommen en hie neat fan har hearre litten. En krekt dat wie frjemd, Tine bleau nea samar fuort en as der wat wie dan appte of belle sy meastentiids fuortdaliks. Wol stie har fyts op it stasjon Hearrenfean en op kamerabylden koe de plysje ek noch sjen dat se de trein ynstapte. In sekuere en lange analyze fan bylden op it stasjon fan Swol, dêr't se oerstappe moast, smiet neat op. Dat wie oars noch in heidenske toer, want op dat stasjon stappe kloften minsken oer.

Yn de petearen mei de famylje hie Wytske benammen har betinkingen oer it gedrach fan de mem fan Tine, Hendrica. Se presintearre har as in rêstige, yntroverte frou, mar it wie krekt as makke sy har amper soargen. Der wie gjin panyk by har, wol in tefolle oan rasjonele opfettingen. As mem soene je ienfâldichwei gek wurde fan sa'n ferdwining, wist Wytske. Se hie it in pear kear streekrjocht frege, mar de frou fûn it blykber mar in frjemde fraach. 'Fansels bin ik ûngerêst,' hie se sein, 'mar ik wol gjin panyk skoppe. Om Victor net en om mysels net. Hjoed of moarn stiet se echt, tink om myn wurden, hjir wer foar de doar.'

Dy Victor is de fan oarsprong Frânske twadde man fan Hendrica, berne yn it suden fan Frankryk, dêr't de ynfloeden fan Spanje sa dúdlik fan de gesichten ôf te lêzen binne. In hiel oar portret as syn frou. Hy is ien brok dynamyt en opkrûpt sentimint. Wol in kear as fiif deis bellet er Wytske om te

hearren oft der al nijs wie, of wêr't de plysje nom de dieu mei dwaande is of komt er mei nije ynsichten en de frjemdste suggestjes. Oars net sa slim, fûn Wytske, de âlden hawwe rjocht op in deeglike kommunikaasje mei it opspoaringsteam en faaks is der wat wichtichs út de reaksjes te filterjen, mar it moast net te bar wurde.

Wytske hie Hendrica har gedrach oan Victor foarlein. Ek hy snapte net hoe't it koe dat syn frou sa kalm bleau. 'Jimme Fryske minsken binne sa formidabele nochteren, dat je der kâld fan wurde,' sei er mei syn fermaaklik aksint. 'Miskien hâldt se har yn, om my. Mar wêrom? Ik kin it sels wol útraze fan ûngerêstens en dat ha ik al in pear kear dien ek.'

Hoe langer Wytske mei it ûndersyk dwaande wie, hoe mear sysels ek ûngerêst rekke. Tine like in selsbewust, betûft fanke te wêzen, dy't hiel goed wist wat se woe en wat se koe, sûnder nuvere útspattingen of opstigings. Mar wêrom makke de mem har blykber hielendal gjin soargen? Dat Wytske wol ha dat ik my hjoed sels ris in byld foarmje fan dy Hendrica Pintano dêr yn Aldskoat.

Nei in pear rotondes draait Wytske assertyf de Boargemaster Falkenawei op en lit dan it gaspedaal wat omheech komme.

'Hat Heine Hanssen it ferline wike noch mei dy hân oer dyn pensjoen?' freget se my.

Ik sjoch myn kollega neist my ferwûndere oan.

'Moatst de mûle tichtdwaan,' seit se.

'Wat fregesto my no?'

'Ja,' laket Wytske, 'dêr hast noch nea fan heard, fansels, pensjoen. Dat komt op sa'n momint yn 't libben ast ophâldt mei wurkjen. Dêr is ien of oare finansjele regeling foar betocht en dy is sels beskikber foar Bontebokster resjersjeurs mei grize hierren en grouwe fetrôlen.'

Ik sis neat en sjoch mar wat foar my út, de âlde iken oan de Boargemaster Falkenawei tikje foarby as stiet elke beam foar ien jier fan myn libben. It binne fêst wol fiifensechstich. Ornaris bin ik in man dy't graach oer alles wat langer neitinkt, in skaker dy't syn setten foarsichtich tariedt, in trainer dwaande mei taktyk en oanfalsplannen, mar de ein fan myn eigen karriêre, dêr tink ik net oer nei. No ja, in inkele kear miskien earne achtern yn in bykwab en dêr wol ik it sa lang as mooglik hingje litte.

Blykber fynt Wytske de stilte te lang duorjen.

'Hoe âld bist no krekt,' freget se.

'Hm,' brom ik, 'ik ha in ferrekte hekel oan strikfragen.'

Wytske laket: 'Komt dy net út tink, wolsto it der net oer ha?'

'Nee, en ik sjoch der ek tsjinoan as is it in djippe grouwe donkere tunnel dêr't ik op oan moat. In tunnel sûnder ljocht op 'e ein. Sa lang ik my goed fiel wol ik trochsette, mar as ik tsjokke flaters meitsje moatst it wol sizze fansels.'

Wytske seit neat. No bliuwt it my te lang stil.

'Of wol Heine Hanssen my soms kwyt?'

Wy ride de Marktwei op en ik sjoch it eardere gebou fan Tektronix, wêrút no de tindrukke bibels gâns de wrâld oer gean. Myn eigen leauwen is boud op rjochtfeardigens en ûnderfining. In libben sûnder doel yn it wurk, sûnder wat bestimds om hannen, it griist my oan.

'Hiesto it mei de baas oer myn pensjoen?'

'Ja,' seit Wytske, 'yn myn beoardielingspetear mei Hanssen kaam dat fan 'e wike te praat. Tafallich. Ik mei dy opfolgie.'

No is it Wytske dy't rjocht foar har út sjocht en it ûntkomt my net dat se stiltsjes eefkes glimket.

'Potferdikkemy! Wat sil dy keardel? Dat sil er blinders earst mei my beprate moatte. Ik wol hielendal noch net ophâlde! Wêrom soe ik net trochwurkje kinne?' Dan nim ek ik wat gas

werom. ‘Sorry! Ik wol it dy wol ta ha, hear, dyn befoardering. Dat is it net. Do kinst ferrekte goed lieding jaan, eins folle better as ik, de feiten sprekke hiel wat fansels, mar ik wol dizze rol eins wol eefkes spyljen bliuwe. Do rôlest der noch wol ris yn,’ sis ik gnyskjend.

Wyske skeakelet wer op. ‘Ik mei dit wurk sa blinders graach dwaan, Ale, mar ik kin it my ek samar yntinke dat ik tsjin myn sechstichste dea-ynein bin en dan graach ophâlde wol. Soks hasto net?’

‘Nee, mar dat soe by dy ek noch wol ris feroarje kinne, famke. Salang ast it pensjoen as stip op de hoarizon hast bliuwt dy lêste streep bûten dyn gesichtsfjild.’

‘Is dat it? Eangst foar de lange donkere tunnel,’ reagearret Wyske, wylst se ûnder it fiadukt fan A32 troch rydt om in eintsje fierder yn Aldskoat linksôf te slaan.

Wyske set de VW foar in moai bewurke hikke en stapt út om yn in bakje oan in stiennen steunder ús besite oan te kundigjen. It sicht is op in nije wenning mei mânske byggebouwen, op in ferrassend rom en iepen fjild. In kapitaalkrêftige famylje blykber. Ik sjoch nei rjochts, de Tjeerd Rosleanne yn. Sûnt de Koalmasaak ha ik hjir net mear west. Hoe lang is dat no lyn? Yn de fierte fûnen wy doe it lyk fan in jonge frou yn de twadde wenning fan Koalma. Bin ik wrachtsjes al begûn mei in soarte fan ôfskiedsreis? Alle saken noch ris bylâns? Dy gedachte jout my ynienen flink wat ferromming, as it sa giet kin ik noch wol in pear jier foarút.

Wyske stapt wer yn en de hikke swaaït automatysk iepen. As se de auto neist it hûs delsetten hat en ik út de VW stap, stiet der in opmerklike man yn de doar. It hier hat er yn in sturtsje, hy hat in ferware brune holle mei djippe tearen, in skerpe knik yn de noas, heldere fûle eagen, draacht in feale koarte broek en

rint op bleate fuotten. Ik skat him op in jier of fyftich, mar kin der ek samar in goeie tsien jier neist sitte. Wytske krijt in hân en dan krûpt de man Wytske eefkes oan. Sokssawat ha ik noch nea sjoen. Nimmen krûpt Wytske oan, net mei har jierdei, net by it nijjersizzen, nea net. Dêr is se gewoan de frou net nei. Har gewoan in hân jaan is foar Wytske al in hiel yntym proses. Myn kollega docht in stap fansiden en seit: ‘Dit is myn kollega Alema, dêr ha ik jo al it ien en oar oer ferteld.’

Ik krij fan dy Victor inkeld in hân.

Wy rinne troch in grutte iepen hal. De arsjitekt hat blykber ynspiraasje fûn yn âlde foarmen en tradisjonele materialen; it fervewurk is ljocht en fierder is der gebrûk makke fan in protte griis en in soad swarte hurdstien. In brede trep mei de alluere fan in opgong yn in kastiel of hearehûs nûget út, mar Victor rint om de trep hinne en iepenet in brede doar oan de rjochterkant en sa komme wy yn in romme wenkeamer. Lofts is in iepen keuken, achtern is der in keamerbreed ymponearjend útsicht op de tún, mei dêr wer achter aardich wat bunders lân en bosk. De keamer is op syn minst fjouwer meter heech. Wat fierder opfalt binne net sasear de ferskate djoere Chesterfield banken en stuollen, mar foaral de houten ringen oan touwen as yn in gymnastyklokaal. Se hingje op eachhichte. Op de flier leit in tsjokke matte en dêroan is te sjen dat de ringen fakentiids brûkt wurde. Boppe in âld kastje hinget in skilderij fan de famylje Pintano fan miskien wol tsien jier lyn, skat ik yn. Heit en mem Pintano mei in famke fan sa’n tsien jier en in pear jier âldere jonge. Dan pas sjoch ik yn in griene Chesterfield, rjochts neist in swiere swarte kachel, in frommes djip weisakke. Victor rint nei har setel en leit in hân op har skouder.

‘Hendrica, hjir is Alema,’ seit er.

De frou giet efkes stean om har daliks wer del te jaan. Se

makket gjin tarieding om te fûstkjen, lit stean om my oan te krûpen. Ik freegje my ôf wêrom't de frou op har minst net mei my fûstket. Is it om Wyske, dy't behoarlik op ôfstân bliuwt, of komt it troch Victor dy't tusken ús en Hendrica yn stiet en nei de brede bank wiist? It seit wat oer de frou, mar wat? Op dit stuit lit ik it mar sa, hjoed hat Wyske hjir de lieding, en dat fyn ik wol sa noflik. Ik nim plak neist Wyske op de bank.

De frou glimket efkes.

'Hast frege wat it selskip nuttigje wol?' freget se Victor.

'Nee, noch net.' Victor draait him om nei Wyske en my. 'Wat mei it wêze? Ik sels nim tsjin alven meastal in wyntsje.'

'Victor,' seit Hendrica strang, 'de resjerzje is hjir yn funksje, kinst wol kofje sette.'

'Nee, ik hoech neat, of ja, miskien in wetterke,' seit Wyske.

'No, dat fan dat wyntsje dêr mei ik wol oer,' sis ik. 'Moandeis is foar my nammers wat in aparte dei. Ik ha hjoed al foar de tredde kear yn myn libben nei de sportskoalle west en it is as bringt my dat yn in wat ynnimliker stimming, in makliker libbenspatroan. En foaral bringt it my in ûnbestimd soarte fan toarst.'

Victor rint nei de keuken en waacht blykber myn wurden.

'Wol goed, Alema, om op ripere leeftiid fan patroan te feroarjen. Ik soe soks sels ek wolris besykje wolle.'

Hendrica fearret op, sjocht lil, mar seit neat.

'Alhoewol,' seit Victor, wylst er mei in blêd mei twa wyntsjes en twa glêzen wetter werom rint nei ús, 'alhoewol, myn wyntsje soe ik moarns net misse wolle.'

'Krekt,' seit Hendrica sunich, 'benammen op moandeitemoarn. Sa'n swiere wike!'

Victor set de glêzen teplak, stekt syn wyntsje fuortdaliks omheech en seit filosofysk: 'In minske is op syn bêst en op syn lokkichst as it libben fuort tikket yn in bestimd kader mei

dúdlike ankerpunten op fêste tiden fan de dei. Sa is it ek foar my, Alema.’

‘Net elkenien is in narsist, Victor,’ byt de frou har man ta.

Dat komt hurd oan, liket my, mar wat in lekker ding en ik sjoch efkes nei Wytke. Wy beide hâlde Victor, dy’t stean bliuwt, goed yn ’e gaten, mar der is gjin sichtbere argewaasje by de Frânsman. Hy laket sels. Miskien hawwe dy twa de hiele dei troch wol sok bargebiten, betink ik my. In soarte fan humor tusken in stel dat perfekt oaninoar weage is, dat beide skerp hâldt en inoar alle kearen wer útdaget. Guon kinne tige sarkastysk stekke, mar it liket my ta dat by dit stel de frou de boppelizzende partij is en dy partij kin fan har kant gjin stekken ferneare. Mar Victor stekt wol.

‘Der binne ek lju dy’t harren fêste patroan ûnderbrekke, suver en allinne om dat foar de bûtenwrâld geheim te hâlden. Want o wee, o wee, de lju soene der wat fan tinke kinne en o wee se koene der ris oer rabje wolle. Moarns al oan de drank, ju? In skande, foaral op moandei. Jimme deeglike Friezen dogge soks net, no?’ Victor seit dit mei in Fryske toansetting en laket wat. ‘Hendrica hat oars nea gjin besef fan tiid, mar alle dagen krekt om alve oere moarns is sy dejinge dy’t in karaf wyn op tafel set.’

Ik sjoch nei Hendrica. No gnysket sy. Wol sportyf dus, blykber binne se dochs oan elkoar weage.

Wytke freget: ‘En Tine, hoe sit dat by jim dochter, hat sy ek sa har brûkmien en wensten?’

‘Tine is út itselde hout snien as Hendrica,’ seit Victor, ‘en dat hout is poer geskikt om der wynfetten fan te meitsjen.’

Dêr liket Hendrica it net mei iens. Sy komt suver wat omheech út har fauteuil.

‘Dat slacht nearne op, Victor! Tine mocht wolris in drankje, mar der wiene ek hiele skoften dat se gjin drappel dronk.’

‘Ja, dat is sa,’ jout Victor ta.

Hendrica praat oer Tine yn de ferline tiid. Dat seit neat, wit ik, mar it falt op. Ik gean rjochtop sitten en nim it wurd.

‘Myn kollega hat frege oft ik my hjir efkes mei bemuoie wol. Sy kin it sels hiel goed ôf, mar makket har wol deeglik in bulte soargen. Wy allegearre, en jim noch it meast, fansels. Wêr kin Tine yn de goedichheid wêze? Is der noch wat dat wy allegearre mei-inoar oant no ta mooglik oer de kop sjoen ha?’ Ik rjochtsje myn oandacht benammen op Hendrica. ‘Wat tinke jo, mefrou, jo kinne har fan ruft oant I-Pad, sis mar.’

Hendrica seit in pear tellen neat, sjocht fan Wytske nei my en oarsom en suchtet djip.

‘Wat ik tink, Alema, is dat alles wat wy allegear hjir betocht en sein ha fan ’e wike al hiel faak foarby kommen is en fan alle kanten beljochte, dat ik leau net dat it doel hat en behannelje alle fragen en alle apsekten en alle ins and outs nochris foar de safolste kear.’ Dêr hat sy gelyk oan, betink ik, it wie ek net bepaald myn tûkste iepeningsfraach, mar ik ergerje my tige oan har toantsje.

Victor ferslokt him yn syn wyn. ‘Mar Hendrica, monsieur Ale moat him noch yn ús saak ynlibje.’

‘Foar in grut part ha ik Alema oer de hiele saak bypraten,’ seit Wytske. ‘Wy wurde der by roppen en libje ús yn en soks dogge wy mei alle kunde en technyk dy’t wy foarhannen ha, mar as plysje kenne wy nea alle aspekten fan de hiele skiednis en gewoanten fan jim húshâlden. Boppedat, mar dat mei ik eins net sizze want dêr kinne jimme neat mei, hawwe wy it drokker as ea. It wurdt dreech om nei safolle tiid foar jimme saak noch safolle minsken frij te meitsjen.’

‘Wat hat ús hiele famyljeskiednis dêr mei te meitsjen?’ freget Hendrica.

‘Wierskynlik neat,’ sis ik, ‘mar it is wol wichtich foar it totaalplaatsje.’

Victor set in stap nei my ta.

‘Mar freegje dan,’ seit er slim emosjoneel. ‘Wy ha gjin geheimen, hear, man freegje dan!’

Wyske sil wat sizze, mar sjocht ynienen achterom. In doar klapt iepen en in fanke fan in jier as achttjin mei in sporttas yn de iene hân en in read rolkofferke oan de oare sjocht ferwûndere nei de besite. As wie sy in ferkearde romte ynrûn, as stie sy net op it goede perron. Victor lit it glês út syn hannen falle. Elkenien is kjel, mar Hendrica gnysket. It is mar eefkes, mar it falt my wol op.

Werom op it plysjeburo oan de Atalantastrijtte rin ik earst it kantoar fan Heine Hanssen yn. Dy hat it nijs al trochkrigen. De baas is suver op it skik as er achter syn buro krûpt. Hy giet noflik achterút sitten en leit de hannen ûntspannen yn de nekke.

‘Dat wie in net ferwachte mar tige positive ûntjouwing, Alema, yn de saak Tine Pintano. Hat de dochter der noch in ferklearring oer jûn?’

‘Nee, dat gie ús neat oan, sei se tsjin Wyske.’

‘En hoe bedoelde dat famke dit?’ Hanssen stiet samar wer rjochtop achter syn buro. Hy spat op en slacht mei in earm yn ’e loft. ‘Soenen je sa’n eigenwizeling fan in fanke net? Hoefolle tiid ha wy der net ynstutsen, en dan sa!’

‘No, Wyske noch it measte, wy net safolle.’

‘As ik sis: wy bedoel ik: ús korps, ús buro. Dat witte jo dochs ek wol, Alema.’ Heine Hanssen rint nei it grutte rût, sjocht nei bûten en wipt wat op syn fierstente glêde skuon hinne en wer.

‘Wat sizze dy âlden?’

‘De heit, Victor, wie hielendal oerstjoer. Mem net, foar har wie de thúskomst fan de dochter neffens my absolút gjin ferrassing.’

‘Ha jo wol oait!’ seit de baas en hy werhellet it nochris as